



# **DOEK!**

(Frysk)

**Tragikomeedzje fan**

**MARIA GOOS**

**FRYSKE OERSETTING**

**GURBE DIJKSTRA**

**OARSPRONKLIKE TITEL**

**DOEK!**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DOEK! – DOEK!** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **MARIA GOOS, Friese vertaling Gurbe Dijkstra** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2019 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **2** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Lies - sawat 45 jier, eardere aktrise

Richard - sawat 50 jier, akteur

Alle rollen kinne spile wurde troch ien aktrise en ien akteur, mar je kinne der ek foar kieze om mear akteurs en aktrises te brûken. It stik komt it bêste ta syn rjocht as der gjin skoft holden wurdt.

## **TOANIELBYLD:**

In grutte, âlde Chesterfield learen bank, in taffeltsje mei wat flessen.

De titel DOEK! hat in trijedielige betsjutting. DOEK! waard der froeger roppen troch de toanielmaster at it momint dêr wie dat nei ôfrin fan it stik it foardoek ticht falle moast.

It wurd 'doek' wurdt brûkt yn de siswize: 'Dan is it 'doek' foar Richard van Berkhoven'. Dat betsjut: dan is it dien mei, dan is it klear, dan is it oer, foar Richard van Berkhoven.

In doek is ek it linnen, of it kanvas, dêr't skilders op skilderje. It is in oar wurd foar in skilderij. 'De doeken fan Rubens kenmerke harren troch' ensafierder.

It stik DOEK! giet op ferskillende lagen oer itselde tema: wat is echt en wat is ûnecht. Bestiet der echt en ûnecht yn de byldzjende keunst. Wat bepaalt oft in skilderij echt of ûnecht is. Wat bepaalt oft in aktrise echt of ûnecht spilet, en boppe-al: bestiet der echt en ûnecht yn de leafde. Is Richard de grutte leafde fan Lies, of is it Wouter? Is de leafde dêr'tst oan kapot giest in gruttere leafde as de leafde dêr'tst mei leve kinst?

It stik DOEK! liket by lêzen kwa konstruksje folle dreger as it yn werklikheid is. Om in dúdlik byld te krijen fan it stik ried ik jo oan om de DVD te besjen en dêr de skriftlike taljochting by te brûken mei dêryn in koarte útlis oer it stik fan myn kant.

Hoewol't de oergong fan de iene nei de oare rol sûnder ferklaaien makke wurdt is yn de praktyk dúdlik wurden dat it publyk it ferhaal hiel goed folgje kin.

Richard is in briljante akteur op syn retoer. Hy hat in swiere melangoalyske ynslach, dat is mei de oarsaak fan syn eksessyf drankgebrûk. Yn syn taalgebrûk sitte ûnbekende wurden, dy't de bedoeling ha om de oaren te yntimidearjen en te ymponearjen.

Lies is yn har taalgebrûk rjocht op de man ôf. Se seit wat se tinkt. Froeger wie se dêrby ek noch es hiel ympulsyf. No is se wat betochtsumer.

Wat der oan ien wei ûnder de tekst leit is de pine fan dizze beide minsken, dy't elkoars grutte leafde binne, mar dy't net mei elkoar leve kinne. Yn de tekst sels wurdt dêr amper oer praat, mar it is wat dat ûnder de tekst leit en dat foar it publyk fielber wêze moat, nettsjinsteande de hilyarske mominten.

**MARIA GOOS**

**KATE:** Nim noch mar wat te drinken hear. Mei toarst hat it al lang neat mear te krijen. *(David sjocht har oan)* Wêr wachtest op?

**DAVID:** Op noch in gedicht.

**KATE:** Do bist ien fan de net folle mannen dy't mei it klimmen fan de jierren net allinne moaier wurden is, mar ek... mylder. Dêrom bin ik noch altyd by dy.

**DAVID:** Is 't in dikke bondel fannacht?

**KATE:** De fysike oanwêzigens fan dyn lichem is my sa fertroud. Sa fertroud as in... jas.

**DAVID:** Tanke.

**KATE:** In bytsje in âlde, ferrinnewearre, ferblikke, wat útsakke, ferwosken, knoopleaze, winterjas.

**DAVID:** Och dêr kin je je sa oan hechtsje, oan dy âlde, ferrinnewearre, ferblikke, foarmleaze, ferwosken, knoopleaze winterjassen.

**KATE:** Foarmleas sei ik net. Foarmleas? Do? Nee, elkenien ferskromfelt, mar do bloeist krekt op al neigeraden datst âlder wurdst. Hoe dochst dat doch, fertel my dyn geheim.

**DAVID:** Ik ha in frou dy't my koestert.

**KATE:** Hoe kin it doch dat elkenien mar útsakket en datsto allinne mar spiersterker en soepelder wurdst?

**DAVID:** It sil de leafde wêze. De leafde hâldt my sa jong. *(Jojanneke is har tekst kwyt. Se hat in black-out. Richard rêdt har. Hy flústert)*

**RICHARD:** Ik bin bang foar it wurd. *(dan wit se it wer)*

**KATE:** Ik bin bang foar it wurd.

**RICHARD:** Nee, **ik** bin bang foar it wurd.

**KATE:** Do bist bang foar it wurd.

**DAVID:** Foar it wurd yn it algemien?

**KATE:** Nee. It wurd: pine! Pine pine pine. Oeral pine. In fersplintere siel yn in ûntploft lichem. In skansearre wrak, ferhavene, ferskuord, oan flarden lutsen troch dy!!

**DAVID:** Do bist noch altyd piko bello.

**KATE:** Piko bello? Ik ha 't oer ús. Oer dy. Oer hoe'tsto it leven út my knypt hast.

**DAVID:** Do bist noch altyd in natuerpracht.

**KATE:** Natuerpracht? Hast it oer dyn frou? Hear! De lytskes hjir besykje dy wat dúdlik te meitsjen! *(se ropt as soene boppe bern lizze te gûlen)* Stil mar lytskes, heit komt der oan mei de flesse!

*(hurde oergong fan ljocht nei saneamd wurkljocht. Richard, de akteur dy't de rol fan David spile, docht de bril ôf en brinzget troch de romte. Jojanneke, dy't de rol fan Kate die, sit oanslein op de bank. Sy is hiel skruten en nerveus)*

**RICHARD:** Wat is dit! Wat sitsto te dwaan! Nei wa ropsto: “Stil mar lytskes, heit komt der oan mei de flesse”?

**JOJANNEKE:** Ja, dat snap ik eins ek net.

**RICHARD:** Tinksto dat wy bern ha?

**JOJANNEKE:** Ja. No ja, dat stiet der yn elk gefal wol. Ik fyn it wol in bytsje bizar, want dy bern komme nergens mear werom, mar it stiet der echt. *(se lûkt in skript ûnder in kessen fan de bank wei en blêdet. Dan lêst se lûdop de tekst)* “Hear! De lytskes hjir besykje dy wat dúdlik te meitsjen. Stil mar lytskes, heit komt der oan mei de flesse”. Ja, hoe moat ik dat oars lêze at se gjin bern ha. *(se sjocht wer yn it skript en lêst foar harsels. Undertusken:)*

**RICHARD:** It binne de iisklontsjes... dêr wol se drank by ha.

**JOJANNEKE:** “Hear! De lytskes hjir besykje dy wat dúdlik te meitsjen. Stil mar lytskes, heit komt der oan mei de flesse”. It stiet der gewoan!

**RICHARD:** Hoe faak hasto dit stik no sjoen.

**JOJANNEKE:** Eh, in pear kear. De earste kear fansels mei dy en Lies op de toanielskoalle. En fierder noch in pear kear. Mar dat fan dy bern ha ik altyd al in bytsje frjemd fûn. *(hy sjocht har ferbjistere oan oer safolle dommens)*

**RICHARD:** At se dy freegje soene foar de rol fan Godot, soest dat dan dwaan? *(Jojanneke tinkt nei)*

**JOJANNEKE:** No... fyn it wol in typyske mannerol. En ik fyn it stik ek in bytsje datearre.

**RICHARD:** It binne de klontsjes.

**JOJANNEKE:** De klontsjes?

**RICHARD:** “De lytskes”.

**JOJANNEKE:** De lytskes?

**RICHARD:** De “lytskes” binne de klontsjes.

**JOJANNEKE:** De lytskes binne de klontsjes?

**RICHARD:** Ik hâld net fan in al te maltintige *(krekte)* tekstoanpak, mar it soe doch wol hiel leuk wêze at de minsken begripe dat wy begripe, wat wy stean te sizzen. En it soe ek hiel leuk wêze at se nei oardel oere noch wekker binne. Dus, at dizze beide persoanen, dy't wy besykje stâl te jaan, dizze David en Kate, oan elkoar weage binne, en dat binne se, dan silsto doch, Jojanneke leave skat fan my, dyn kacheltsje in bytsje oppoekje moatte! Of ik soe it ek dwaan moatte as in treurige kanarjepyt, mar we moatte no wol wat beslute.

**JOJANNEKE:** No, atsto tinkst dat ik it dwaan moat as in kreauwend fiskwiif, my bêst. Ik fyn dat dat wol foar de hân leit. Ik doch it, ik doch it, mar ik fyn it spitich. Sjoch, dy Kate, dat is neffens my in Wetterman, en dat binne hiel gefoelige minsken. Do dochst krekt

as soe se in Raam wêze.

**RICHARD:** Dy Kate is in frou dy't je it murch út de bonken sûget! Skelle, sûpe, gjin meilijen, stielhurd. Lilk. Kwetst. In wylde kat. En in bern. In troch elkenien fergetten, ferlitten wanhopich ivich moai bern dat je leaf ha wol mei in magnifisinsje (*hearlikheid*) dêr't je graach foar stikken gean wolle. Dus at se dan neffens dyn diereriem-dramaturgy in hurd sean aai is of in knolselderij docht net ta de saak! Spylje it gewoan! Doch it gewoan! Kristus! (*Richard rint nei it taffeltsje en skinkt himsels wat te drinken yn*)

**JOJANNEKE:** Sorry. Sorry. (*se snokkert even koart*)

**RICHARD:** No, dat ha we allegear wol es. Jojanneke, barmhertichste frou, it giet allegear hiel goed. Do dochst bûtengewoan dyn bêst en alhiel tawijd in swiere taak.

**JOJANNEKE:** Atst der rekken mei hâldst dat ik al in pear jier net spile ha...

**RICHARD:** Dêrom.

**JOJANNEKE:** En dan sa'n rol oernimme...

**RICHARD:** Dat is ek gjin sinekuere.

**JOJANNEKE:** En ik wol net seure, mar do witst wêr't ik de lêste jierren trochhinne gongen bin. Earst dat gedoch mei dy heup, doe dat each... dy fal... dat firus...

**RICHARD:** Bart fuort nei in houlik fan...

**JOJANNEKE:** Tritich jier!

**RICHARD:** Dêrom.

**JOJANNEKE:** Hy is gewoan wer op my fallen, mar dan tritich jier jonger. Se liket doch as twa drippen wetter op my?

**RICHARD:** Gjinien... mar dan ek gjinien liket op dy, Jojanneke.

**JOJANNEKE:** Sa banaal. Sa foarsisber.

**RICHARD:** En dan sjochst it doch noch net oankommen.

**JOJANNEKE:** Nee. Wa moat in man dy't mar amper rjochtop stean kin mei in hânfol fellen! Hy is hast sechstich! 't Is doch obseen?

**RICHARD:** It sil de frisse azem wêze.

**JOJANNEKE:** Sille we even skoft hâlde? Dan lit ik Pebbles even pisje. (*se slacht in grutte omslachdoek om. Se praat tsjin in hûntsje dat 'achter de bank leit'*)

**RICHARD:** Skoft? We binne noch net iens begongen!

**JOJANNEKE:** Gjin skoft? O. Nee ik tocht dat we dêr allegear wol even oan ta wiene. Nee, nee ik bliuw. Kin wêze dat ik aansen even in dweil helje moat at Pebbles it net mear hâlde kin, ekskús alfêst dêr foar. (*se streaket Pebbles, it hûntsje achter de bank*) Hin, leave. Ja no, skatsje? O! Sjoch no! De hiele hân fol hierkes!

**RICHARD:** Ja, de hiele hân fol hierkes.



**JOJANNEKE:** De hiele hân fol hierkes. Se ferhierret, Richard. Hoe kin dat no?

**RICHARD:** Wannear is hy geboaren? Wa wit is it in fisk.

**JOJANNEKE:** Nee. Ik wit it al. Ik snap it al, ik snap it al. Se is wend om alle dagen in oere yn it bosk om te draven. En no sit se hiele dagen yn dit grêf. Stress. 't Is stress. *(tsjin de hûn)* Hin Pebbles? Siet froutsje noch mar yn de WW. Sieten we no lekker op in terras minne resinsjes oer kollega's te lêzen. Ja. *(Richard rint nei Jojanneke mei in glês en in flesse)*

**RICHARD:** No't we doch wer even ûnderbrutsen ha: hoe doch ik dat aansjen mei dat glês? Want at David sa lilke op Kate wurdt dan smyt er har doch whisky yn it gesicht? Mar is dat dan gewoan sa? *(hy stiet neist de bank en smyt frij achteleas in boaiemke fan de saneamde whisky yn it gesicht fan Jojanneke dy't noch op de bank sit. Se skrikt. Hy skinkt it glês wer wat by)* Of fynsto dit miskien better. *(hy smyt no bewust en agressyf de saneamde whisky yn har gesicht. Jojanneke lit it berêstend oer har hinne komme)* Neffens my sjochst dat oankommen. Ik hie mear dit yn gedachten. *(hy smyt wer)* Alhoewol miskien moat ik gewoan ynskinke *(hy docht it)* en dan hup! *(hy smyt wer)*, is doch hiel misledigjend? Wat tinksto, Jojanneke? Fynst it misledigjend? *(de omslachdoek is yntusken wiet. Se giet yntins misledige oerein. Se rint nei it taffeltsje mei de drank en docht de wiete omslachdoek ôf)*

**JOJANNEKE:** Hast it leuk hân de ôfrûne wike? Wie it leuk om my te fernederjen? *(hy sjocht dat se bot lilke is. Hy docht as is hy oanslein)*

**RICHARD:** Och... Jojanneke no doch.

**JOJANNEKE:** Do hast my noait echt goed fûn, hin?

**RICHARD:** Hoe komst dêr no by? *(hy praat tsjin Pebbles)* Is 't froutsje net goed? Froutsje is wol goed. No, Pebbels. No!

**JOJANNEKE:** Dat Roas de rol weromjûn hat, dat komt troch dy.

**RICHARD:** Roas krige in hernia! Dy koe allinne noch mar repetearje at se oer in bank hinne hong. *(hy klapt foaroer mei it gesicht tusken de kessens fan de bank)*

**JOJANNEKE:** Doe't Roas der mei ophold, hoefolle oare aktrises ha jim doe belle **foardat** jim my fregen?

**RICHARD:** Do wiest de earste! We tochten daliks oan dy echt wier! De keninginne fan de timing.

**JOJANNEKE:** Do skynst te tinken datst goed lige kinst, hin? Mar dat binne no krekt de mominten datst totaal net oannimlik oerkomst. Der is mar ien persoan mei wa'tsto dit stik spylje wolst. En dat is Lies.

**RICHARD:** Och Lies. Wêrom soe ik dat wolle?

**JOJANNEKE:** Omdat jim dit stik tritich jier lyn...

**RICHARD:** (*yrritearre*) Tritich jier lyn sochten wy in stik om mei ôf te studearjen en dat wie dit, ja...

**JOJANNEKE:** Ik hâld der mei op!

**RICHARD:** O nee, Jojanneke... no net de handoek yn de ring goaie.

**JOJANNEKE:** Dit is echt it meast fernederjend fan de hiele wike: do hast dit noait mei my dwaan wollen.

**RICHARD:** Nee!

**JOJANNEKE:** Wêrom hast my dan frege?

**RICHARD:** We moasten wol.

**JOJANNEKE:** Hoesa?

**RICHARD:** We hiene noch trije wike Jojanneke. Elkenien dy't wat kin is al lang beset.

*(no folget de earste rolwikseling. De aktrise mei midsmjittige kapasiteiten dy't we sjoen ha en Jojanneke hyt, feroaret no yn Lies. It foarôfgeande blykt in oantinken te wêzen dy't Richard oan Lies ferteld hat. Lies moat ferskriklik laitsje, docht de bril fan Jojanneke ôf en lûkt in pear skuon oan. (Jojanneke hie gjin skuon oan) Se praat mear selsfersekere as at Jojanneke die)*

**LIES:** Hasto echt tsjin Jojanneke sein: "Elkenien dy't wat kin is al lang beset"?

**RICHARD:** No ja, se frege derom.

**LIES:** En doe?

**RICHARD:** Ja, doe is se mei dat stjonkhûntsje (*hy jout in traap tsjin it hûntsje achter de bank*) wer yn de WW sitten gongen.

**LIES:** Ik hie op skoalle al in bloedhekel oan Jojanneke. Ik ha in kear mei har yn in stik stien, wat dizenichs mei in fiverke dêr't se yn moast. Alle jûnen foardat we begongen ha ik yn dat fiverke pisse. (*hy is op de bank lizzen gongen en sjocht hoe't se har opmakket. Hy genietet fan har oanwêzigens. Leaf:*)

**RICHARD:** Ja, Lies! Do wiest in lekker fiis ding foardatst fatsoenlik waardst.

**LIES:** Neffens my wie dat net de ein fan it petear tusken dy en Jojanneke, Richard van Berkhoven.

**RICHARD:** Neffens my sietsto by dat petear 1200 kilometer fierderop oan de Cote 'd Azur. Do sietst nei alle gedachten mei dyn gynekolooch yn in restaurant oan in (*hy praat skiteldefitich nep - Frânsk*) flufllu de kukuku op in bedsje fan kanaka de frakaka en in fleske Bourbonnet de lufery fan it château dikke-plakken-skyt-yn-de-nekke dus ik kin my net foarstelle datsto ferstien hast wat hjir sein is!

**LIES:** Sei se net datst misledigjend wiest en yntimidearjend. En dat

it dy troch elkenien altyd ferjûn wurdt.

**RICHARD:** Nee. Dat sei se net!

**LIES:** Omdatsto no ien kear nochal goed bist!

**RICHARD:** Ja, dat lêste dat sei se wol.

**LIES:** Of wie.

**RICHARD:** Pardon?

**LIES:** Ja, ik wit it net. Ik ha dy al tsien jier net spyljen sjoen.

**RICHARD:** Ik bin allinne mar better wurden.

**LIES:** Dyn karriêre sil net ophâlde troch in temin oan talint, earder troch in temin oan karakter, dat sei Jojanneke miskien ek noch.

**RICHARD:** Net troch in temin oan karakter! Earder troch tefolle oan karakter.

**LIES:** Der is gjinien mear dy't mei dy spylje wol, ha 'k heard.

**RICHARD:** Elkenien wol mei my spylje, mar ik net mei elkenien.

**LIES:** Do dochst doch stikken minder as tsien jier lyn.

**RICHARD:** Dat sis ik! Ik doch allinne noch mar wat ik echt wol.

**LIES:** Do hast wol in reputaasje, hin? Te let, of hielendal net...

**RICHARD:** Ik ha de dissipline fan paratroeper.

**LIES:** Do hast in filmploech fan 35 man in heale dei op dy wachtsje litten.

**RICHARD:** Omdat dy runner by de ferkearde doar stie!

**LIES:** Do wolst dit mar mei ien persoan spylje. En der is mar ien persoan dy't dy oankin, mar dy wennet yn Frankryk. Dat sei Jojanneke.

**RICHARD:** Dat sei se miskien wol, mar wy ha nei Jojanneke earst Karin belle en net dy.

**LIES:** Karin ja! Wat moatte jim wanhopich west ha. Ik hie har in kertier oan de telefoan en doe wie 'k al bekôf. (*Lies docht in telefoanpetear as wie se Karin. Se bout de oerhearskjende skiteldeftige aktrise Karin nei*) Hallo Lies leave! Hoe is it dêr yn La douce France! Bern! Ik bin krekt út in stik stapt mei Richard en it wie ôfgrysluk, se ha noch twa wiken en ik bin al de tredde aktrise dy't derút stapt en Richard ja dy docht as fan âlds, mar dan noch slimmer! En ik ha it tsjin him sein, do witst hoe't ik bin, ik sis altyd de wierheid. Dêr kin net elkenien mei omgean, dat wit ik wol, dat wit ik wol, ik bin net foar neat harkspulaktrise wurden, mar ik sis it doch. En no tink ik dat se **dy** freegje sille Lies, mar no belje ik even, omdat der wol wat is datst witte moatst.

**RICHARD:** No komt it hear. Dat wivefenyn. De wrâld giet der oan kapot.

**LIES:** (*as Karin*) Sûnt datsto fuort bist is it der mei Richard net echt better op wurden.

**RICHARD:** Pleechsuster bloedwyn lullerij.

**LIES:** *(as Karin)* Hy raast út de hoeke fan it repetysjelokaal tsjin syn kollega's hoe't se it dwaan moatte.

**RICHARD:** At ik oait es in kear beroerd stean te spyljen dan hoopje ik dat ien de muoite nimt om tsjin my te razen, dat soe ik dan bot op priis stelle!

**LIES:** *(as Karin)* ...hy komt sels dronken op de premjêres... *(hy springt oerein en rint yrritearre om. Hy liicht striemin)*

**RICHARD:** Ik wie net dronken op dy premjêre, dat is in flagrante leagen. Ik hie fan de direksje in doaze bonbons krigen, mei likeur deryn, en dêr hie ik doe twa, miskien trije, fan opiten foar de foarm, net iens lekker en doe wie it ferhaal: hy stjonkt nei drank! It oare is sa as gewoanlik: bespotlik, *(yn it orizjineel brûkt er gealludeer)* op neat basearre!

**LIES:** *(as Karin)* It skynt dat er tsjintwurdich in bêd yn de keuken fan it kafee fan Wim en Annie stiet sadat er nachts hielendal net mear nei hûs hoecht, ja.

**RICHARD:** Neidat der trije kear ynbrutsen is ha ik Wim en Annie oanbean om op it kafee te passen. Dat wie 't. Do tinkst doch net dat ik foar myn eigen wille op in stretcher tusken de frituerpanne en de stjonkende ôffalbak yn it keukentsje fan Wim en Annie lizzen gean wol? Dat geklets fan elkenien. Gek fan!

**LIES:** *(as Karin)* Lies... atst it my fregest... *(Richard ûnderbrekt har lilik, raast)*

**RICHARD:** Atst it **my** fregest, **myn** idee dêroer is, **ik** bedoel, **ik** fyn, wat **my** oangiet, neffens **my**, **ik** soe sizze... hurde taaie iepenlizzende pûsten op dyn tonge, Karin Simons. *(Lies wurdt wer Lies)*

**LIES:** Fijn hin? Dat ik koe?

**RICHARD:** Fansels koesto. Do wiest mar wat bliid datst dêr wei koest.

**LIES:** Fijn hin, dat ik kommen bin om dy te rêden?

**RICHARD:** Ja. De fearren lizze dêr. Stekst se der sels even yn?

**LIES:** Fijn hin? Dat ik dy net falle lit?

**RICHARD:** Sis! Do fûnst dysels al in geskink út de himel foardatst der tsien jier lyn tuskenút knyptest, mar do bist der yn dy tsien jier datst dêr mei dyn gynekolooch op syn boatskuon...

**LIES:** Boatskuon? Stel dy net sa oan man.

**RICHARD:** Ha jim gjin boat dan?

**LIES:** Boatsje.

**RICHARD:** ...datst dêr mei dyn gynekolooch op syn boatskuontsjes sitst, net beskiedener op wurden! Liesbeth Oorthuizen!

**LIES:** Tinbergen. Ik bin mei 'm trouw.

**RICHARD:** *(hy kin net ferbergje dat er dêr fan skrikt. Hy set de skrik gau om yn sarkasme)* Trouw? Mefrou Tinbergen. Wie 't in moaie dei? De moaiste dei fan dyn leven?

**LIES:** Ja.

**RICHARD:** Lekker út iten mei syn beiden?... Lekker neigesetsje?... Lekkere kofje nei, en dan lekker nei hûs?

**LIES:** Ik wit net wa'tsto sjochst atst no nei my sjochst, mar **ik** leau my. En Wouter leaut my. Mear hoecht net.


**RICHARD:** La Douce France! Madame Tenberzje! *(Tinbergen mei in swier Frânsk aksint)* Do wennest yn de Efteling foar grutte minsken, Lies. Do hearst dêr net.

**LIES:** Blykber wol. Ik bin ferslingere rekke oan de regelmaat. Dat makket it leven in stik betrouberder. Alle moarnen betiid der ôf, in heal oerke swimme, tegearre moarnsite, dan in oerke ûnkrûd lûke yn de tún, dan drinke wy tegearre kofje en Wouter lêst dan foar út de krante. Dan gean ik nei myn atelier. Ik ha in kursus keramyk dien. *(se wit al dat hy har dêrom útlaitsje sil en dêr wachtet se fatsoenlik op. At er útlake is)* Earst makke ik allinne skalen, mar no ek byldsjes. En altyd at minsken nei dy byldsjes sjogge dan freegje se: "Wêr wachtet sy op"? of "Wêr wachtet hy op"? Dan sis ik dat dat in geheim is. Mar ik meitsje gewoan byldsjes. Gjin idee wêr't se op wachtsje.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**